

Einlings langferwachte kuierpaad foar Hartwert

*Yn it spoar fan de muontsen*

Hartwert leit oan ien fan de âldste diken fan Nederlân: de Middelseedyk. Oanlein troch de muontsen fan it eartiidse Aldekleaster. Dat de muontsen it destiids net nedich fûnen it kleaster fan twa kanten te ûntsluten, stie ieuwenlang in Hartwerter kuierrûntsje yn 'e wei. Dat hjoed 19 april 2014 de Aldekleasterpaad rûte troch Hartwert en it Aldekleaster dochs in feit wurden is, jout oan dizze dei in histoarysk tintsje.

It seit himsels dat de iepeningsdei yn it teken fan de kleasterskiednis stean moast. Om likernôch 10.45 oere foarmet de Hartwerter trijesprong dan ek it dekôr fan in unyk skouspul. Foar in 50-tal taskôgers hâldt "de abt fan Hartwert" Titus Hettinga ûnder begelieding fan twa likebruorren in abtsrede en wijdt it nije paad seremoanjeel yn. Op dizze skoandere Peaskesneon is it hast net yn te tinken dat yn it peaskewykein fan it jier 1535 yn it Oldeclooster werdopers tsjin muontsen fochten op libben en dea.

Yn it Terphûs jout Kleasterpaadkommisjelid Auke Bloemhof in taljochting op it ûntstean fan it kleasterpaad. "Der is 5 jier lang oan it paad wurke" sa seit Bloemhof, mar Hartwert woe graach de skiednis fan it ienris sa wichtige doarp mei syn 2 kleasters Blomkamp en Oegekleaster yn byld bringe. It is in paad wurden mei in fjouwertal ynformaasje buorden oan de rûte oer de skiednis fan it doarp, it lânskip, it kleaster Blomkamp en it Klokhús. "It paad rint foar in part troch boerelân", fertelt Bloemhof fierder, "mar lokkich binne de lâneigeners J. Galema, Sj. Galema en H. Hettinga enthousiast en ferliene de kuierder trochgong troch har lân. Uteraard binne wy ek bliid mei de stipe fan de Provinsje, de Gemeente SWF, Rabobank Snits, drukkerij V.d. Eems, Lankhorst Snits en ferienings út eigen doarp".

Fansels is der gelegenheid om it nije paad te rinnen. Under in myld maitiids sintsje set in groep fan sa'n 30 man útein om de 5,7 km te rinnen. Al bochtsjend giet it paad oer de ieuwenâlde Kleasterwei, lâns de Kleasterfeart de greiden troch en fia it Aldekleaster werom nei Hartwert.

"In bjusterbaarlik moaie rûte" is de miening fan de ridders.

De kommisje ferwachtet de kommende tiid dan ek in soad oanrin, mar sa drok as yn de Kleastertiid sil it rûnom Hartwert net mear wurde.